

[DE TEKST WURDT HJIR NET TOAND YN DE OPMAAK  
FAN IT PRINTE BOEK]

## KAREL EN ELEGAST

Ferfryske fan: Klaas Bruinsma

Ynlieding fan Klaas Bruinsma

Karel en Elegast is ien fan de saneamde ridderromans út 'e Midsieuwen. Oars as by Béatrys is Karel en Elegast net bekend út ien folslein hanskript. Ofsjoen fan in mannich fragminten ha wy de ridderroman yn 'e foarm fan âlde printingen. De âldste tekst moat datearje om 1200 hinne; dêrmei heart it wurk ta de âldste literêre produkten yn it Nederlânse taalgebiet. Yn dit gefal is de taal Aldnederlâns of as men wol, Aldflaams. Om't it wrâldbyld fan de Karelromans frijwat rûch en primityf is, moatte dy wurken fan âlder oarsprong wêze of oan âldere boarnen ûntliend wêze as de oare ridderromans (de klassike, de Easterse of de Britse).

Ridderromans is de namme foar midsieuske ridderferhalen op rym, dy't skreaun binne yn de folkstaal. It wurd 'roman' wol sizze 'yn it Romaans', dat is de folkstaal, yn Frankryk dus it Frâns. Soks yn ûnderskie fan de yn it Latyn skreaune wurken, dy't inkeld foar learde lju, de 'klerken'= geastliken ornearre wienen. Yn Frankryk waarden de ridderromans makke troch 'trouvères' of troubadours (lett. 'finers') lykas Chrétien de Troyes, en foardroegen troch rûnreizjende dichters of sjongers, neamd 'jongleurs' (joculatores=lett. grapmakers) en minstrelen (hofdichters), dy't se songen of foardroegen by de fioele. Doe't de

ridderromans har ferspraten oer hiele Westeuropa krigen se, fansels, yn Flaanderen stal yn it Flaams of Aldnederlâns. De Nederlânse ridderromans binne dan ek yn haadsaak oersettingen of bewurkingen fan Frânse orizjinelen, mar inkelde binne oarspronklik. Neffens ynhâld wurde se ûnderskaat yn 'fóárhoaske epyk' en 'hoaske epyk'.

It earste skift omfettet de Frankyske of Karelromans, it twadde wurdt ûnderferdielt yn klassike, oer de Aldheid (bygelyks Hendrik van Veldeke syn Eneïde) Easterse, wêryn de Krústochten har wjerspegelje en de striid tusken Kristendom en Islam (bygelyks Diederik van Assenede syn Floris ende Blanche floor) en de Britse ridderromans. Lêstneamde groep hjit ek wol Arthurromans, want se geane oer de aventoeren fan kening Arthur en de ridders fan de Rûne Tafel. Foarbyld: Pennink en Vostaert, Walewein (mei it sweevjende skaakboerd).

Sa't de Britse of Keltyske romans kening Arthur ta haadpersoan ha, sa stiet yn de Frankyske kening-keizer Karel de Grutte (768-814) sintraal.

Doe't fjouwer of fiifhûndert jier letter de ferhalen opskreaun waarden, wie de feitlike oantins oan Karel al gâns ferblikt, fansels. Dat it binne net allinne histoaryske feiten, dy't oer him ferteld wurde, mar ek en foaral net-histoaryske, faak fantastyske aventoeren, dy't har om de kening-keizer ôfspylje. Boppedat binne gauris dieden fan oare Karolingers oerbrocht op Karel de Grutte. Sadwaande is der gâns ferskaat, ja sels kontrast yn de beskriuwing fan de kening, sawol yn dieden as syn aard.

Noris is er in romroft foarst, dy't mei syn trouwe paladinen (tolve hofridders) dappere dieden docht, dan wer in wrede lienhear, dy't syn lienmannen mei wraak en haat hjitfolget, sadat syn

ûnderdienen him net mear ferneare en it tsjin him yn 'e kant sette. Hoewol't de Frankyske ridderromans dus gjin betroubere skiednisboarnen binne, komme wy dochs gâns oan 'e weet oer de riddertiid. Wy moetsje hjir typysk âlde Germaanse eleminten as bloedwraak en trou as heechste eare. De Karelromans gean oer striid en wrok, en de ridderdeugden binne krêft (faak yn de foarm fan brút geweld) en kriich, yn alle betsjuttingen fan dat wurd. Dêrwei it gebrek oan earbied foar de swakkeren, benammen foar de frou: Eggerik slacht syn wiif in bloednoas en kening Karel sels fersjachert syn suster, de widdo fan Eggerik, oan Elegast, de kampioen.

Nettsjinsteande dy rimpene rûgens ha de Karelromans dochs de simpele bekoaring fan bernlike (net lytsbernige) frommens en betrouwen yn de Hear, ek yn de sin fan absolute trou oan de hear, sa't Elegast dy sjen lit foar kening Karel oer. Karel en Elegast is (mei syn 1414 fersrigels) de bekendste ridderroman. It is in geef en oarspronklik wurk fan likernôch 1200, dus sa'n 800 jier âld. Der komme inkeld Germaanse nammen yn foar en it befettet âld-Germaanse brûkmen (it `alfsgedrocht, it tsjoenkrûd en de tsjoenspreuk, it duel as godsoardiel). En al neamd binne de Germaanse `deugden' fan trou en heldemoed. En dat alles is set yn it ramt fan de Kristlike kultuer, wêryn de katolike tsjerke har stimpel sette op de hiele maatskippij.

Dizze `stoarje, suver wier en fraai', hat literêre kwaliteiten: in logyske opbou en goede komposysje; en toant sielkundich ynsjoch: de kening twivelet by it hearren fan Gods opdracht - wêrom soe sa'n ryk man stelle moatte? - Hy is bang ûntdutsen te wurden as dief, hy is bang foar de swarte duvel, dy't Elegast, de roofridder, blykt te wêzen.

Hy jout út eangst in falske (en fraaie!) namme op; hy is in

knoffelige dief. En is it ûndernimmen slagge en it komplot om him te deadzjen ûntdutsen, dan is er noch deabenaud, dat syn skandlik aventoer útkomme sil. Mar hy is ek from, hy sjocht syn lekken en brekken yn en hat begryp foar lju yn 'e lytse loege. Fierders is Elegast sympatyk tekene yn de trou oan syn hear, en syn golle `earlikheid' yn it stellen: lykas Robin Hood stelt er allinne fan de rikelju. En yn syn frommens: feitlik wint er de twakamp tsjin Eggerik, om't dy net, mar hy àl earst in gebed dien hat. Sa wurdt it kwea, de ferrieder straft; rjocht en ûnskuld triomfearje troch it leauwe yn de rjochtfeardige God.

Dat alles is beskreaun yn sobere, hast simpele taal. Net allinne de dialogen ek de monologen litte in dramatyske spanning sjen, bygelyks as kening Karel syn hâlding tsjinoer Elegast oertinkt (r.228: it mei my slim berouwe).

Karel sjocht úteinlik de sin fan de ûnsin yn; de op it earste each dwaze opdracht fan it stellen, him oplein yn in himelsk fizioen, blykt it middel ta syn liifsbehâld. Want dêrtroch moetet er Elegast, dy't fan fijân ta freon, fan balling ta maat en sels rêder wurdt. Mei't Elegast it komplot ûntdekt, kin de falske `freon' Eggerik útskeakele wurde. In maklik `happy end' is dat net: sels dêrnei moat Elegast noch op libben en dea fjochtsje mei Eggerik, ear't er syn lean kriget (Eggerik syn widdo) en wer yn eare set wurdt.

De motiven út Karel en Elegast (de kening dy't te stellen gong, de masterdief Elegast, de man dy't middels tsjoenkrûd de taal fan bisten ferstiet) binne yn gâns folksferhalen weromfûn út oerâlde tiden (it ferhaal fan de twa Egyptyske dieven yn de skatkeamer fan kening Rhampsinitus) sa't dat by Heródotus foarkomt en by ferskate folken, oant Ruslân (de bylina fan de Tsaar en de dief)

en sels Mongoalië ta. Dat hat bliken dien út 'e ûndersiken dy't Marie Ramondt dien hat en út in analyze fan H.W.J. Kroes oer de mearkeseleminten yn de Karel en Elegast-ferhalen. It ferneamde span Aarne-Thompson hat folksferhalen katalogisearre yn har standertwurk 'Types of the folktale' en Thompson sels hat makke in 'Motive Index of Folkliterature'. Yn Fryslân hat Jurjen van der Kooi in yndieling makke op de troch Ype Poortinga sammele folksferhalen, dy't yn in rige fan sân boeken publisearre binne: J. van der Kooi: Volksverhalen in Friesland, een typenkatalogus. Van der Kooi seit oer Karel en Elegast: 'Aarne-Thompson nûmer 952 liket der wol wat op, mar Elegast is in literêre figuer en it ferbân mei de ridderroman is net botte dúdlik.' Der binne yn Fryslân wol in pear hûndert rôversteltsjes, mar in dúdlik ekwivalint fan Karel en Elegast is net fûn. Boppedat moatte wy betinke: motiven binne losse boustiennen fan mearkes, mar foarmje dêrmei noch net in hechte struktuer fan ferhalen, dêr't ynfloeden, oerienkomsten en ûntlieningen yn oan te wizen binne. Hoe't it ek wêze mei, Karel en Elegast ha yn alle gefallen de wei nei Fryslân no ek fûn yn de oersetting fan dizze 'Vraye historie ende al waer'. It earste fan dy twa eigenskipswurden sil de lêzer nei lêzen grif meistimme.

## Karel en Elegast

In stoarje, suver wier en fraai,  
kin 'k jim fertelle. Hear dernei!

't Bard' op in stûne yn 'e jûn  
en Karel wie de sliep begûn  
5 \*te Ingelheim, dat oan 'e Ryn is.  
It lân wie allegearre sines;  
\*hy wie keizer en kening ek.  
Hear no dit wier en wûnder stik:  
Wat dêr de kening oerkaam, witte  
10 wol mannichten mei krektens jitte.  
Te Ingelheim, dêr't er doe wie,  
woe hy de oare deis, sa 't stie,  
de kroane drag' en hâlde 't hof  
ta de fermeardring fan syn lof.  
15 Wylst kening Karel sliepte sa,  
rôp him in hillich ingel ta,  
sadat de kening wekker briek  
fan 't boadskip, dat de ingel spriek.  
Dy sei: „Oerein jo, eale man,  
20 en doch jo klean mei hasten oan;  
wapenje jo en gean te stellen.  
God hiet my, jo dat te befellen.  
God, yn it himelryk de Heare.  
Oars kostet 't libben jo en d' eare.

25 En stelle jo fannacht mûlk net,  
dan sil jo ûnk wjerfarr' en smert.  
dan sille jo wis dêrom stjerre;  
jo libben sille jo ferdjerre,  
eardat dit hof giet út elkoar.  
30 Dat nim jo fuort te wacht dêrfoar.  
Beleaven, gean te stellen, hear,  
en nim jo skyld mei en jo spear.  
Nim wapens, gean te peard' en set  
der faasje efter; talmje net!"

35 De kening hearde dizze spraak.  
Him tocht, it wie in frjemde saak -  
omdat er nimmen skôge doe -  
wat dizze rop betsjutte koe.  
Hy tocht, hy hie it sliepend heard  
40 en hold him oan dy wurden net,  
sadat er gau oan oars wat tocht.  
Mar hy dy't him it boadskip brocht,  
de ingel dy't de Hear him stjoerde,  
sei tsjin de foarst as ien yn woede:  
45 „Karel, oerein, en gean te stellen!  
Ik sil 't jo hielendal fertelle:  
't Is God dy't jo dit stellen hyt.  
Oars reitsje jo jo libben kwyt."

Mei dat wurd hold de ingel op,  
50 wêrop de foarst „O, wee my!" rôp,  
as ien dy't slim ferbûke wurdt.  
„Wat dizze wûndre saak betsjut?

\*Is 't spoekerije dy't my kwelt  
en my dy wûndre oarder meldt?  
55 Och, Hear dy't yn 'e himel binne,  
wat needsaak soe der wêze kinne  
foar my te stellen? 'k Bin sa ryk:  
op ierde is gjin man allyk,  
oft kening hy of greve hjit,  
60 wat rykdom oft er ek besit,  
\*of hy is ûnderdien en noatich  
en jimmer ta myn tsjinsten skoatich.  
Myn eigen lân is wol sa grut,  
dat nearn' in wjergera troffen wurdt.  
65 It lân is allegearre mines;  
fan Keulen ôf, dat oan 'e Ryn is,  
en fierder fuort oant Rome ta  
heart alles oan de keizer ta.  
\*Ik bin de hear, myn wiif de frouwe,  
70 \*east oan de Donau syn lânsdouwe  
en westlik oant de wylde see.  
En boppedien ha 'k gâns in swee:  
\*Galisië en 't Spaanske lân,  
dat ik my wûn mei eigen hân,  
75 \*dêr't ik de heidens út ferdreau,  
sadat oan my allinne 't bleau.  
Wat needsaak is der foar my dan  
te stellen as 'n ellindich man,  
en wêrom dit befel fan God?  
80 Tsjin 't sin oertrêdzj' ik Syn gebod.  
Al wist ik, dat God my 't gebea,  
dan noch koe 'k amper leauwe 't kwea,



dat God my dizze skand' oandie  
en hiet dat ik te stellen gie."

85 Sa lei er dêr te prakkesearjen  
yn peinzjen en yn hinn' en werjen.  
Wyls slomm' er linkenlytsen licht,  
dat stadich die er d' eagen ticht.  
Doe sei de ingel fan niiskrektsa:  
90 „As jo foar Gods hjit gjin respekt ha,  
dan, kening, falle jo yn 't wea  
en binn' jo opskreaun ta de dea!"  
De ingel, dy't fan 't paradiis is,  
spriek: „Kening, doch as ien dy't wiis is;  
95 dus gean te stellen en wurd tsjeaf,  
want dat is God no ienris leaf."

Mei dat wurd fear de ingel thús,  
en kening Karel sloech in krús  
om 't wûnder boadskip, stjoerd fan God.  
100 „Ik lit Gods wurd en Syn gebod  
net sloer' en slepe op 'e rongen.  
Al wurd ik by de nekke hongen,  
al is 't in skande, ik wurd tsjeaf.  
Mar likegoed ha 'k àl sa leaf,  
105 dat God my alle guod ûntnimm'  
dat ik te lien ûntfong fan Him,  
sawol myn lân as stins en fêsting,  
\*(útsein myn ridderlike rêsting)  
en ik út needsaak my genear  
110 inkeld mei 't skyld en mei de spear

as ien dy 't neat besit en poer  
te libjen hat op aventoer.  
Ja, dat is mear myn wil en sin  
as dat 'k yn 't flapnet fongen bin,  
115 en dat ik no te stellen moat,  
en dat it sûnder dralen bart;  
't is stelle of Gods geunst kwyt reitsje.  
Mei Hy my dêrta sterk no meitsje!  
Ik woe dat ik 't kastiel út wie  
120 en nimmen dêr gewach fan hie,  
al koste my dat oan 'e Ryn  
sân stinzen en kastielen skien.  
Wât oer de skande te bewearn  
tsjin al de ridders en de hearen,  
125 dy't yn myn stins binn' yn fergearing?  
Wat jou ik harren foar ferklearring,  
dat ik yn dizze tsjustre nacht  
allinn' en sûnder oermans macht  
op reis gean moat nei in kontrei,  
130 poerfrjemd en ûnbekebnd foar my?"  
En dêrnei gyng de foarst fan 't stee  
en riste him ta 't klaaien ree  
yn d' alderdjoerste wapenrissing;  
út stellen gean wie syn beslissing.  
135 It hie altyd gewoante west,  
dat men syn wapens dellei nêst  
it bêd, dêr't hy op sliept' en drôge;  
de bêste wien' 't dy ea ien skôge.  
En doe't er dan bewaapne wie  
140 en troch 't paleis syn gongen gie,

doe wie er net in slot sa goe  
of doar ek, dy't him keare koe.  
Hy seach se foar him iepenstean,  
en dêr't er woe, dêr koe er gean.  
145 En nimmen dy't him gean seach dêre.  
It folk lei nammers allegearre  
yn fêste sliep, om't God it woe  
dat hy Gods geunst genietsje soe.  
Syn help stie foar him ree yndie.  
150 Neidat er oer de brêge gie,  
rûn Karel linich en beslist  
ta op de stâl, want dêre wist  
er 't hynder stean mei túch en reau:  
no net mear drale, want it dreau.  
155 Hy seale 't hoars en sette 'm doe  
op 't hynder, dat men priizje koe.  
En doe't er by de poarte kaam,  
doe seach er dêre en fernaam  
it toer- en poartewachterspear,  
160 dy't amper wisten dat har hear  
deun by har wie, mei 't skyld te pearde.  
Hja slipten fêst, sa't God begearde.  
De kening stapte ôf en die  
de poarte op, dy't sletten wie,  
165 en late 't hoars doe út it hús  
sûnder gelûden en gespús.

Doe gyng er sitten yn it seal,  
en doe sei kening Karel eal:  
„O God, sa wier as ta behâld

170 Jo kommen binne op 'e wrâld,  
\*en binn' ta Soan en Heit ornearre  
om te ferlossen allegearre  
troch Adam yn 't ferdjer ferstaat  
en al wa't nei him berne waard;  
175 Jo lieten oan it krús Jo slaan,  
troch Joaden fêstnomd yn har waan.  
Hja stieken mei in spear Jo, Hear,  
en sloegen Jo nei har begear.  
Jo lijdten dizze bittre dea,  
180 o Heare, om ús need en kwea,  
en iepnen helle' tsjusternis.  
\*En like wier as 't wierheid is,  
dat Jo ek Lazarus, Jo sa nei,  
dy't yn syn grêf te rêsten lei,  
185 opwekken, Heare, út 'e dea,  
\*en fan de stiennen makken brea,  
\*en fan it wetter makken wyn,  
sa wier mei' Jo my liede yn  
hiel dizze tsjustre, neare nacht,  
190 en iepenbierje my Jo macht!  
Almachtich Heit, genedich God,  
oan Jo betrou ik hiel myn lot."

Hy rekk' yn folle tinzen doe,  
wêr't er it bêste hinne koe  
195 om dêr mei stellen te begjinnen.  
Der lei, net fier fan 't hof fandinne,  
in wâld, dat d' ealman sa foarnaam,  
de kening Karel, binnenkaam.

Doe't er dêryn kaam op 'e riid,  
200 skynde de moanne klear en swiid.  
De stjerren ljochten oan Gods troan;  
it waar wie himmel en sa skoan.  
De kening wie yn mimeringen:  
„Ik wie it wend, fóar alle dingen,  
205 dieven te gripen dêr 'k har wist,  
lju dy't de minsken mei in list  
har guod ûntrôvje en ûntstelle.  
No mei 'k wol mylder fûnis felle  
oer dy't de kost yn noed bestribben.  
210 Bewust sette hjá goed en libben  
yn 't aventoer. Wurde hjá fongen,  
dan wurde hjá ûntholl' of hongen,  
as slimmer dea har diel net wurdt.  
Dat harren eangst is faken grut.  
215 Nea yn myn libben bart wer 't kwea,  
dat ik om in geringe skea  
in man yn it ferdjerren bring.  
'k Ha nammers om in nearzich ding  
\*hear Elegast it lân út stjoerd,  
220 dy't faak syn libben aventoert  
om't guod, dêr't hy fan libje moat.  
'k Leau dat er faken soargen hat.  
Gjin lân of lien om te bestean  
hat er, neat om op seil te gean\  
225 as wat mei stellen hy bestribbet.  
't Is needsaak dat dêrfan libbet.  
It lân dêr't hy de hear fan wie -  
it mei my slim berouw' yndie -

haw ik him mèi de stins ûntnommen.  
230 Dêryn wie ik in hiele dommen,  
omdat er folk hie yn syn bûn,  
dat ûnder him har needdruft fûn,  
ja, tsjinst- en ridderfolk by protten.  
Dy haw ik hiel har erf ûntwrotten;  
235 har lân ha 'k roofd; har have mèi.  
Ut earmoed folgje hja 'm no nei.  
En nearne gun ik rêst oan harren.  
Al wa't har burch, hie te ferbarren  
\*sawol syn stins as 't lân te lien,  
240 en taflecht hawwe hja gjinien.  
De need twingt har om ta te hâlden  
yn wyldernissen en yn wâlden;  
en Elegast moat har bestribje  
't bederf dêr't allegear fan libje.  
245 Mar likegoed bin 'k wis hjirfan:  
\*nea stelt er fan in earne man,  
dy't fan syn wrotten libje moat.  
Wat pylger of in kreamer hat,  
dat lit er harren frij benutte,  
250 mar nimmen óars sil hy beskutte:  
Bisskoppen en kanunniken  
en abbeten en munniken,  
of as 't pastoars en dekens binn',  
oeral dêr't hy har gripe kin.  
255 Komme dy op syn paad oerdwars,  
dan nimt er d' ezel ôf of 't hoars  
en sil er har út seal ramaaie,  
sadat hja oer de grûn delsaaie,

wêrnei't er har mei syn geweld  
260 al wat hja meinomd ha, ûntstelt:  
it pot- en panguod, sulver, klean.  
Sa fynt er rûnom syn bestean.  
En dêr't er rike minsken wit,  
ûntnimt er har op slach 't besit,  
265 sawol har goud- as sulverskat.  
Syn listen binne mannichfâld:  
gjinien hat him oan no ta snipt.  
Lykwols hat mannichien fûl skript  
om him te krijen yn syn macht.  
270 Och, mocht er my yn dizze nacht  
ta kammeraats en selskip ha!  
O Heare God, help my dêrta!"

Mei dy bea ried de kening fierder,  
en hommels murk er, dat in ridder  
275 te pearde kaam him yn 't fizier.  
Dy hie de hâlding en manier  
fan ien dy't leafste rydt ferhoalen.  
Syn wapens wiene swart as koalen,  
swart wie de helm en swart wie 't byld  
280 fan 't oan syn halsriem hingjend skyld.  
\*Syn boarstharnas koe elk fan roppe.  
Swart wie it pânserklaat dêrboppe.  
En swart wie 't hoars dêr't hy op siet,  
wylst oer in iensum paad hy ried.  
285 Dwars troch de bosken kaam er doe.  
Doe't him de kening moetsje soe,  
sloech dy in krús; hy miend' yndie

yn eangst, dat dit de duvel wie,  
want d' oar wie rûnom swart. Syn lot  
290 betrouwend oan de macht'ge God,  
bemymre Karel yn 't gemoed:

„Komt kwea my hjierfan oer of goed,  
ik wol tenacht him net ûntrinne.

Ik sil dit faai gefaar oerwinne.

295 En lykwols wit ik yn it foar:  
dit is de duvel en gjin oar.

Wie hy fan God yn ien lyts part,  
dan wied er wrychtich net sa swart.

Ynswart binn' beide, hoars en man,  
300 en alles wat ik sjoch deroan.

Ik bid God, dat Er dêrmei riedt;  
ik freezje slim, my wankt fertriet -  
dat hy my net in kroan opset."

En neier kaam de foarst syn trêd.

305 En doe't de swarte man fernaam,  
dat d' oare ruter by him kaam,  
doe peinz' en mymr' er by him selme:

„'k Leau, dat dy fint yn 't wâld omdwelme  
en dat er op 'e doele is.

310 Ik merk dat oan him sûnder mis.

Hy rekket hjir syn wapens kwyd;

Dy skine d' alderbêste, dy't  
myn each yn sân jier sjoen ha mei.

Se blinke klear allyk de dei

315 fan edelstient' en gouden skat.

Wêrwei komt dizze man yn 't wâld?



In earne man wie der noch nea  
mei sokke wapens op syn lea,  
in man dy't ried op sok in hoars,  
320 sa moai fan lichem en sa foars."  
Doe't no de iene d' oare moete,  
ried elk foarby, mar hat net groete.  
De ien beseach de oare krek,  
mar beide seinen hja gjin sprek.  
325 Doe't hy dy't swarte hynder hie,  
de kening stil foarbygien wie,  
doe hold er 't hynder yn en tocht,  
wa't dizze man wol wêze mocht:  
„Wêrom rydt dizze man foarby  
330 en mijt er sels it praat mei my  
sa tige, dat er my net groete,  
doe't hy op 't stee kaam en my moete,  
en dat er nearne my nei freget?  
Ik tink, dat hy my kwea bejeegnet.  
335 Wie ik fan myn fermoeden wis,  
dat hy as strúnder kommen is,  
en dat er my en hiel myn tal  
yn lêst en pine bringe wol, -  
by mynhear foarst, dy 'k respektearje,  
340 hy soe net sûnder skea passearje!  
Wêr soed er ommers oars foar skreppe,  
troch bosken en strewel him reppe,  
as dat er my socht en besloep?  
'k Swar by de Heare Dy't my skoep,  
345 dat hy my net ûntkomt fannacht  
sûnder it hifkjen fan syn macht.

Ik wol him sprekke en him kinne.  
En wá't er wêze mei, 'k sil winne  
syn hynder en syn stridersklaad,  
350 en stjoer him dan tebek mei smaad.  
Hy is hjir kommen as in dommen."

Mei dat wurd skuord' er 't hynder om en  
hy woe fan eftren d 'oar ynride.  
Doe't er de foarst kaam op 'e side,  
355 doe rôp er lûd: „Hear ridder, ho!  
Sis my: wêrhinne ride Jo?  
Ik wol it witte wat jo sykje  
en wêr't jo sa om skrepp' en stykje,  
ear't jo m' ûntkomme yn in feeche.  
360 Al sit it hert jo noch sa heech,  
is nòch sa sunich jo relaas,  
fertel it my, dat is de baas.  
Ik wol it witte wa't jo binne;  
en wêr moatt' jo om distiid hinne;  
365 en sis my hoe't jo heit doch hyt.  
Ik skat jo neat fan dy taks kwyt."

Dêr hie de foarst tsjin yn te bringen:  
„Jo freegje my sa folle dingen.  
Ik wit net hoe't ik 't jo berjochtsje.  
370 Ik wol gâns leaver, dat wy fjochtsje  
as dat ik it jo sis út twang.  
Dan libbe ik al fierste lang,  
as my in minske twinge soe  
ta dingen dy 'k net sizze woe,

375 \*wannear sok kundgjen my net nolket.

Oft hjir my winst of skea út folget,  
wy sill' no koart dit pleit besljochtsje  
en tusken ús tegearr' útfjochtsje."

't Skyld fan de kening wie oerdutsen:

380 hy woe 't net drage ûnbedutsen

\*om syn blazoen, dat dêrop stoe.

Hy woe net, dat men witte soe,

dat hjir de kening selme kaam.

Hja skuorden wilens mei in raam

385 har hynders om, hiel fluch en krêftich.

Har beider wapenreau wie trêftich

en harren spearen wienen sterk.

Hja kamen gear yn iepen perk

mei sok in grime yn 'e bonken,

390 de hynders sakken troch de skonken.

Manmoedich griepen hja it swurd

as wa't de striid it meast betsjut.

Hja strieden sok in lange striid,

men koe in mile gean yntiid.

395 De swarte man wie kras en krêftich,

en elke oanfal sa ferheftich,

dat kening Karel freze hie

en tocht, dat dit de duvel wie.

Hy sloech de swarte op it skyld,

400 dat dy man foar him hâlde, wyld,

sadat it yn twa stikken stou,

oft it in linebeamblêd gou.

De swarte sloech de kening fel;

de swurden swongen op en del,

405 op helmen en op pânseringen,  
dat hiele kloften stien' op springen.  
En nimmens harnas wie sa goed,  
of dêr krong troch it reade bloed,  
streamd út 'e hûd en troch de ringen.  
410 Lûd kletsen klonk fan 't swurdeswingen.  
De splinters spatten fan de skylden;  
de helmen op 'e hollen dwylde  
foardel en krigen kerf en skurd,  
\*sa skerp wie d' ich fan iders swurd.  
415 De kening mymr' en tocht temûk:  
„Dy man is yn 'e wapens tûk;  
hy bringt my yn sa'n need en kwea,  
helpt God my net, dan reitsj' ik dea.  
Bekend' ik him myn eigen namme,  
420 dan wie 'k dêr ivich oer beskamme,  
om't ik dan nea mear eare krige."  
Doe joech de foarst in slach sa tige  
nei dizze swarte dy't steech pal stie,  
dat dy dêrtroch omtrint in fal die  
425 en fan it hoars foel yn 'e moude.  
Oanienwei houde elk en houde.  
De swarte leanne Karel handich,  
en sloech in slinger sa fûlbandich  
op d' oar syn helm, dat dy beswiek,  
430 wyls 't eigen swurd yn twaën briek;  
sa freeslik fûl wie dizze raam.  
Mar doe't de swarte man fernaam,  
dat hy syn swurd ferspylje moast,  
doe sucht' er yn syn moedich boarst:

435 „Eilaas, dat ik ea berne bin!  
Dat 'k libje, wat hat dat foar sin?  
Gelok haw ik noch nimmer hân  
en wurdt tenei ek nea myn pân.  
Hoe moat 'k my warre nei dit stuit?  
440 Ik tel myn libben net in duit,  
want 'k stean hjir mei de hannen leech."  
De kening skynde 't skand' en feech  
in man dy't warleas foar him rûn.  
Dat doe't er 't swurd seach op 'e grûn  
445 dat yn twa stikken brutsen wie,  
doe tocht er: „'t Is gjin wrek yndie,  
as men ien wûnje wol of slaan,  
dy't net by steat is war te dwaan."

Sa holden hja dus stil yn 't wâld.  
450 Har tinzen wienen mannichfâld  
yn gis, wa't d' oare wêze mocht.  
\*„'k Swar by de Heare Dy't my wrocht!,"  
spriek kening Karel lang om let,  
„as jo dit iene ding my net  
455 andrje, hear ridder, op myn frage,  
hat it foar 't lêst hjoed foar Jo dage!  
Hoe hite jo? Wa binne jo?  
Lit ús de striid bekoartsje no.  
Mei 'k mei behâld fan eare fierder,  
460 ik lit jo hinne ride, ridder,  
as ik jo namme witte mei."  
„'k Bin ree," wie wat de swarte sei,  
„as jo my op 'e hichte bringe,

wat needsaken sa slim jo twinge,  
465 dat jo tenacht hjir kommen binne,  
en wa syn woede jo ûntrinne."  
En doe sei Karel, d' eale man:  
„Sis jo 't my earst; ik sis jo dan  
wat ik hjir sykje en bejei.  
470 Ik doar 't net oan en riid oerdei.  
't Binn' needsaken yndie dy't dogge,  
dat jo my sa bewaapne sjogge.  
Ik sis jo hoe't de saken sitte,  
as jo my sizze hoe't jo hjitte.  
475 Wês wis dêrfan," sa sei de foarst.  
„Mynhear, ik hjit fan Elegast,"  
andre de swarte man meien.  
„It is my net sa bêst fergien:  
Myn guod en lân gyngen te loar,  
480 ja, al wat ik besiet tefoar,  
troch tsjinspoed, sa't sa folle lije.  
Soe ik 't jo allegear fernije,  
hoe't hiel myn libben him ûntjûn hat -  
fier foar't myn stoarje d' ein dan fûn hat,  
485 foel 't grif lang jo en oerfloedich.  
En myn gelok is sa earmoedich."  
En doe't de foarst dy wurden hearde,  
doe wied er blider yn syn herte  
as dat er alle guod hân hie,  
490 dat mei it skip de Ryn del gie.  
Hy sei: „Hear ridder, as 't jo hage, -  
jo ha jo namme sein. Ien frage:  
sis no noch hoe't jo jo geneare.

By alles wat God hâldt yn eare  
495 en by Himsels earst; troch dy wei  
ha jo fan my gjin lêst tenei.  
Ik sil jo likefoll' ynljochtsje,  
as jo dat freegje sûnder fjochtsjen  
en sûnder kwea yn opset sin,  
500 as jo 't om my sa skikke kinn'."

„Wês wis hjirfan," sei Elegast.  
„Mynhear," antwurde hy de foarst,  
„ik sil 't jo hielendal fertelle:  
wêrfan ik libje moat ik stelle.  
505 Mar safolle is wis dêrfan,  
nea stiel ik fan in earne man,  
nea sûnt myn bertedei alear;  
nea sûnt ik al myn guod ferlear,  
dêr't ik gewoan fan libje moast.  
510 Sûnt ik ferdreaun bin troch de foarst,  
sûnt kening Karel 't lân m' út bande -  
ik sil 't jo sizze, al is 't skande -  
wie 'k twongen altyd ta te hâlden  
yn wyldernissen en yn wâlden.  
515 Dêr't wy fan libje tolvesom,  
ha rike lju yn eigendom;  
biskoppen en kanunniken,  
abten sawol as munniken  
en dekens en elk ryk pastoar.  
520 Har feinten kinn' der sels net foar,  
dat ik har 't guod ûntstel mei listen.  
Foar my besteane der gjin kisten

sa stevich, of in slot sa fêst,  
\*of 'k krij se iepen sûnder lêst.  
525 En as ik dêr dan guod yn wit,  
bring ik it grif yn myn besit  
en yn 'e hannen fan myn maten.  
Wat falt dêroer noch mear te praten?  
Myn listen binne mannichfâld.  
530 Myn maten binne yn it wâld  
en ik ried út op aventoer.  
'k Ha no ien fûn en dat is soer,  
omdat myn swurd hjir gyng te loar.  
Gjin oar besit keas ik derfoar,  
535 hie ik it hiel en geef werom.  
En slaggen krige ik sa rom,  
ja, grutter wan as ea m' ien sloech  
en ien man op ien dei my joech.  
Sis, ridder, my jo namme no,  
540 en wa't in hate hat op jo.  
Hat faaks dy man sa'n grutte macht,  
dat jo hjir ride moatt' by nacht?  
En binn' jo net oermânsk alsa  
har dy't tsjin jo in hate ha?  
545 Jo binn' oars yn' e wapens goed!"

Doe tocht de foarst yn syn gemoed:  
„God hat myn bea ferheard yndied.  
No help' Er fierder my mei ried!  
Dit is de man dy't ik my winske,  
550 bopp' elk op ierde libjend minske,  
mei my fannacht te gean op tocht.



En God hat him te pas my brocht.  
No moat ik lige, yn needtwang rakke.  
„'k Swar by de Heare Dy't my makke!"  
555 yn my ha jo, hear Elegast,  
in wisse reismaat," sei de foarst,  
„in trouwe freon en hoed' yn earnst.  
'k Sis jo myn libbenstrant en wenst.  
Wêrom't in freon net te fertellen?  
560 Ik ha sa folle dingen stellen,  
soe 'k om de helte finzen sitte,  
men soe my net frijút gean litte  
foar myn gewicht yn goud dat blinkt.  
Mar need is 't dy't my dêrta twingt.  
565 En need brekt troch beswieren hinne."  
D' oar sei: „Sis, ridder, wa't jo binne."  
„'k Sil jo myn namme sizze, hear,  
as dat jo sin is en begear.  
\*Myn namme is hear Adelbrecht.  
570 Ik plichtsje - en 't is wier en echt -  
yn alle tsjerken en kapellen,  
kleasters en godshuzen te stellen.  
'k Stel alderhande, los en fêst -  
ik lit gjin ien mei fred' en rêst -  
575 fan rike minsken en fan d' earmen.  
'k Bekroadzje net my om har tsjirmjen,  
wylst ik gjin man gewurde lit,  
dêr't ik myn baat en winst by wit,  
mar 'k nim syn have leaver ou  
580 as dat ik him myn have jou.  
Sa kaam ik oan myn kost en foer,

en mannich kear ha 'k op 'e loer  
lein om in skat, wêrfan 'k it stee wit.  
En dêrfan lei foar my wol ree jit,  
585 (eardat de moarntyd komme soe,  
alleast as ien my helpe koe)  
safoll' ik winskje nei myn sin  
en as myn hynder tôgje kin.  
Men wûn him dizze skat ûnearlik.  
590 Nee, God naam it ús wier net kwealik,  
namen wy fan dy skat in diel.  
Dy skat leit yn in grut kastiel,  
dêr't ik de krite goed fan wyt.  
Al rekk' er tûzen pûn ek kwyt,  
595 it wie gjin skea foar dizze skevel,  
foar d' eigner fan de skat gjin grevel.  
Hy kaam der ek net earlik oan.  
Wat tinkt jo, Elegast, fan 't plan:  
Sill' wy om dizze skat ús macht  
600 as maten brûke dizze nacht?  
Wat wy dêrfan besette kinn'  
en helje fóár it deibegjin  
sil ik ferdiel' en kieze jó.  
En dy't it neilit, dy is sleau."

605 En d' oare sei: „Wêr leit dy skat,  
myn leave freon? Fertel my dat,  
en sis my wêr't wy 'm fine kinne.  
Mûlk dat ik mei jo gean dêrhinne.  
Ik wol it witte hielendal,  
610 ear't ik jo ien stap folgje wol."

Doe andre Karel, d' eale man:  
„Ik sil it jo ferdútse dan.  
De kening hat sa'n skat, sa'n grutten.  
It hat net folle te betsjutten  
615 en nim syn skat fan dat plak wei."  
Mar doe't de foarst dy talis sei,  
hy woe himsels syn skat ûntkrije,  
koe Elegast net stiltsjes swije:  
„Dat mei de Heare my belette!  
620 Dy man bestiet net dy't my rette,  
dat ik de kening ôfbrek die.  
Al hat er my troch kweade rie  
myn lân ûntnomd en my ferjage,  
ik bliuw him al myn libbensdagen  
625 ta trouwe freon neffens myn macht.  
En skea doch ik him net fannacht,  
want hy is dochs myn wettich hear.  
Soe ik him oars wat dwaan as ear',  
ik soe foar God beskamme wêze.  
630 Men kin my min ta soks belêze."  
De kening hie dy wurden heard.  
Doe tocht en peinzg' er yn syn hert.  
Hy wist no: Elegast, dy tsjeaf,  
dy gunde 'm goeds en hie him leaf.  
635 En Karel tochte, mocht er keare,  
thúskomme mei behâld fan eare,  
dat hy him sa'n soad goeds jaan soe,  
dat d' oar yn eare libje koe,  
en sûnder dat er stelle moast.  
640 `Dêr stean ik boarch foar!' tocht de foarst.

Lang tocht en tiisd' er om; dêrnei  
frege er Elegast en sei,  
oft dy him earne bringe woe  
dêr't men tegearre hinne koe  
645 en dingen helje koe dy nacht.  
Hy soe foar dat doel graach syn macht  
en tûkens toane mei de died,  
wannear't er d' oare meigean liet.  
En Elegast sei: „Graach, jawis.  
650 'k Wit net oft dit in grapke is.  
Wy kinne stelle sûnder sûnde  
\*by Eggerik fan Eggermonde,  
mei kening Karels suster trouw.  
Dat dy man libbet, is in fout:  
655 Hy wie sa mannichien te kwea  
en hat har brocht yn grutte skea.  
Ja, sels de kening ek, syn hear,  
ûntnaam er 't libben en de ear,  
as 't nei syn sin en wille komt.  
660 Dat ha ik faken al fernomd.  
Dochs krig' er fan de kening jit  
yn lien syn tige moai besit,  
sawol syn stins as 't liende gea.  
Al wûn er nimmer oars syn brea,  
665 der kin him amper skea wjerfarre,  
wannear wy fan syn dingen tarre.  
Dêr gean wy hinne, is 't Jo wil."  
Doe tocht de kening en swei stil,  
no't sa en sa de sinn' omgie,  
670 dat dêr it goed te stellen wie:

Al hie syn suster sels him fongen,  
hy waard dochs net licht troch har hongen.

En dêrnei ha hja akkordearre  
en reizje nei dat stee tegearre  
675 en stel de skat fan Eggerik.

De kening spile mei yn 't stik.  
Hja kamen op in fjild en braaf  
wie 't riden, amper mear as draaf.  
In ploege fûn men yn 'e bou.

680 De kening stapte daliks ou,  
wylst Elegast foarút him gie  
op dy wei, dy't er útkard hie.

\*De foarst naam 't koeter fan de grûn  
dat hy dêr oan 'e ploege fûn,  
685 en tocht en peinzg' yn syn gemoed:  
„Dit ark is foar ús ambacht goed.

Dy't yn in stins ynbrekke wolle,  
dy moatte ta dat doel foar alle  
ding riede dat heart ta 't ferlet."

690 Doe hat er sûnder lins him set  
op 't hoars en folge Elegast.

Fluch mei de spoaren ried de foarst  
him nei, in eintsje avansearre.  
Harkje, dan kinn' jo wûnders hearre!

695 Doe't hja no foar de fêsting kamen,  
de aldermoaist' en meast foarname  
earne te finen oan 'e Ryn,  
sei Elegast: „Hjir wol ik yn.  
Hear Adelbrecht, kom, sis my no:

700 wat is de baas hjir neffens jo?  
Ik sil te wurk gean nei Jo rie.  
It spiet my, as it skea jo die;  
sadat men altemets ornearre:  
`Troch dy man kaam it allegearre.'"

705 De kening andere dêrta:  
„k Bin nea in seal ynkrong en ha  
nea yn in hof west dat ik wyt.  
En net fan pas kaam my it fyt,  
soe ik my yn dit hûs no jaan.  
710 Jo moatte sels dy dingen dwaan."

En Elegast sei: „t Is my leaf.  
Binne jo wier in handich tsjeaf,  
dan merk ik dat ynkoarten wol.  
Lit ús gau hinnegean en dol  
715 in gat troch dizze muorre hinne,  
dêr't wy troch hinne krûpe kinne."  
Dat like harren beide bêst.

Hja bûnen fluch har hynders fêst  
en rûnen súntsjes nei de muorre,  
720 dêr't Elegast in izer skuorre,  
wêrmei't er yn te brekken tocht.  
Doe kaam de kening foar it ljocht  
mei 't lytse koeter fan de ploech,  
dat Elegast oan 't laitsjen sloech  
725 en frege wêr't er 't meitsje liet.  
„Fûn ik dy mastersmid, ik hiet  
him daalk sa'n izer my te bûken.  
Ik seach noch nea sa'n koeter brûken  
om dêrmei muorren te ferwrikken,

730 nee, nea net brûkt foar sokke stikken."

De kening andere: „Meiskyn.

It is no trije dagen lyn,  
dat 'k by de Ryn lâns sett' út ein;  
om bût te heljen bin ik tein.

735 Ik moast myn izer efterlitte,  
dat my ûntfoel dêr op 'e strjitte,  
doe't men my efterfolg' en bande.

'k Doarst net weromgean om de skande;  
sa buork' ik 't izer derby yn.

740 Mar 'k fûn dit by ljochtmoanneskyn;  
't Siet oan in ploege," sei de foarst.

„'t Is goedernôch," sei Elegast,  
„kinn' wy dêrmei hjirbinnen reitsje.

Lit letter mar in oaren meitsje!"

745 Hja swijden en hja makken 't gat dêr.

It handig' Elegast gâns flotter,  
doe't dy syn writen dêrta die,  
as dat it kening Karel gie:

Al wied er grut en koed er gâns,

750 sok hanwurk wie him dochs oermânsk.

Doe't Elegast dit gat allinne  
alhiel hie troch de muorre hinne,  
en 't stuit fan d' ynbrek briek hast oan,

sei Elegast: „Jó krije oan

755 hjirbûten wat 'k jo bringe sil."

't Wie nammentlik net nei syn wil,  
dat Karel yngean soe, sa tige  
slim eang' er dat dy lijen krige.

Him tocht: „Gjin handich dief, dy bloed."  
760 Hy woe lykwols, 't gong kwea of goed,  
syn winst diele mei d' oar. De foarst  
bleau bûten; yn gong Elegast.  
Dy hie fan tsjoenderskeunsten weet,  
dy't hy beprôv' op mannich steed.  
765 Dy listen wienen lyts noch loas.  
Hy hell' in krûd op út in doas,  
dat fluch hy yn 'e mûle die.  
Dy't sok in krûd besiet, ferstie  
wat hoannen kraaiden, hûnen bilen.  
770 Doe hearde Elegast by wilen  
in hoanne en in hûn hiel fyn.  
\*Dy seinen him yn har Latyn,  
de kening stie hjir bûten 't slot.  
En Elegast sei: „Wat is dat?  
775 Stiet hjir de kening foar de boarch?  
My wanke ûnk en leed, ha 'k soarch!"  
Hy gyng nei 't stee dêr't hy de foarst  
niis foare efterlitte moast,  
en sei wat hy fernaam oan 't praat -  
780 hie 'm syn ferbylding net mislaat -  
't nijs dat de hoann' en hûn him melden,  
dy't him yn har Latyn fertelden,  
de kening wie tichtby. Hoe fet  
hy wie, dat wist er lykwols net!...  
785 En Karel, d' eale man, sei no:  
„Wa hat dat dan wol sein tsjin jo?  
Wat soe de kening hjir bedriuwe?  
As jo in hoann' yn 't kraaien leauwe



of leauw' in hûn yn 't blaffen echt,  
790 dan is jo leauwe net sa hecht!"  
„Jó leauwe is net hecht, mar kwels!"  
sei Elegast. „Harkje dan sels!"  
Hy treau de kening yn 'e tût,  
wylst dy dêr foar him stie, in krûd  
795 en sei: „No sill' jo 't hearre sa  
lykas ik 't niis fernommen ha."  
De hoanne kraaide wer 't beskie,  
lykas er earst te witten die;  
de foarst wie dêr, wie wat er sei.  
800 En Elegast sei: „Hear der nei  
wat jo de hoanne kraait, myn stalke.  
'k Woe dat myn kop bongl' oan in balke,  
is net de kening hjir tichtbij!"  
En kening Karel sei doe: „Fij!  
805 binn' jo benaud, myn kammeraat?  
Ik hie jo dryster achte, maat!  
Doch 't wurk en lit ús oars útknipe!"  
„Al soen' se ús ek beide gripe,"  
sei Elegast, „ik sil begjinne.  
810 Lit sjen wat jo foar helper binne!  
En wurde wy faaks finzen nommen,  
'k sil wol sa glêd as jó ûntkomme."  
Doe easke hy syn tsjoenkrûd wer.  
De kening socht it her en der  
815 en witwersann' yn mûle-tsjuster,  
mar wie it op dat stuit al bjuster;  
eat dêrfan fine koed er net.  
Doe sei er: „Wat is dit foar set?

My tinkt, ik bin myn tsjoenkrûd kwyt,  
820 dat ik niiskrekt yn myn gebyt  
fêst hie, tusken myn tosken klim.  
Dat muoit my - by myn leauwe! - slim."  
Doe lake Elegast wer blier  
en frege: „Stelle jo wol wier?  
825 Hoe komt it, dat hja jo net fongen  
hieltyd as jo te stellen gongen?  
Grut wûnder dat jo libben binne;  
Jo hien' al lang dea wêze kinnen!  
Goefreon, ik sis jo ûnferblomme:  
830 ik ha it tsjoenkrûd jo ûntfromme.  
Jo witt' fan stellen net in spier!"  
De kening tochte: „Dat is wier."

Doe staakte Elegast 't petear.  
Ynmoedich smek' er God de Hear,  
835 dat Hy him myld beskerm' en hoede.  
Hy siet dochs wol wat yn 'e noeden.  
Mar hy hie weet fan listge dingen,  
en dêrmei brocht er al dyjingen  
dy't wienen yn 'e stins, ta sliepen.  
840 Doe die er alle slotten iepen,  
dy't men mei kaaien sletten hie,  
oft 't no in lyts of grut slot wie;  
wêrop er nei de skat ta teach,  
ear't immen 't hearre koe of seach.  
845 En dêrnei helle hy en brocht  
safoll' as syn begearen socht.  
Doe woe de kening dêrwei ride.

Elegast hiet him dat er bide;  
wylst sels hy om in seal noch gie,  
850 dat yn 'e keamer delset wie,  
dêr't Eggerik mei 't wiif yn drôge;  
it moaiste seal dat ea ien skôge.

„Gjin minske dy't jo folút seit  
de kostberheid fan dat gereid.

855 Ek oan de boarstriem sit foarwis  
genôch dat heech te priizjen is:  
Dêr hingje hûndert bellen oan  
fan klearebare goud; har toan  
klinkt helder op, as Eggerik rydt.

860 Wês, freon, sa goed en wachtsj' in tiid,  
oant dat ik him syn seal ûntstiel,  
al moast ik hingje oan myn kiel."

Dat wie de kening net nei 't sin:  
hy miste leaver it gewin

865 en foardiel dat it seal ynhie,  
as dat de oar wer 't slot yngie.

Doe't Elegast it túch berikte,  
dêr't ik jim niissakrekt fan kikte,  
en op 'e sprong stie, 't fuort te bringen,  
870 joegen de skellen dy't dêr hingen,  
sa'n lûd gerinkink, dat mei 't sein  
riisd' Eggerik op en sprong oerein,  
klear wekker út 'e sliep, en sei:

„Wa komt dêr myn gereid tenei?"

875 Hy hie syn swurd al grypt, wannear't  
de frou 't net hindre hie en keard,

\*dy't him bekrúsk' en ûnderwilen  
him frege, hoe't er kaam te dwilen,  
\*oft faaks in wrigge 'm dwelmjen die.  
880 Hja naam him 't swurd ôf mei de skie,  
en sei tsjin him: „Gjin minske kin  
hjir ynkomd wêze, nei myn sin.  
't Is óárs wat dat jo wynt yn 't liif."  
Doe moanne en beswarde 'm 't wiif,  
885 dat hy fertelde syn gedachten,  
wêtroch hy no al trije nachten  
gjin wink yn eagen krigen hie -  
wat dúdlik waar te nimmen wie -  
noch iten hie yn trije dagen:  
890 en dêroer stelde hja him fragen.  
Ja, frouljuslist is mannichfâld,  
oft hja no jong binn' of al âld.  
Hja poend' en preste him sa lang,  
dat hy har trochdie ûnder twang,  
895 hy hie har broer syn dea besward,  
en 't folk, ta dat komplot ferkard,  
soe hjir mei koarten binnenstreame.  
Hy koe har by de nammen neame,  
hoe oft hja hieten, wa't hja wienen  
900 dy't skielk de foarst nei 't libben stienen.  
Mar Elegast hie alles heard.  
Hy printe 't yn ûnthâld en hert.  
Hy tocht deroer om dizze dingen,  
dy moard en misdied, út te bringen.  
905 Doe't Eggerik syn wiif 't fernaam,  
doe is hja fuort fanwegen kaam;

hja andre: „Leaver hie 'k 't skewiel,  
dat men jo ophong oan 'e kiel,  
as dat 'k dât dulde!" Op dy snuter  
910 hat Eggerik fuort sa'n optuter  
syn frou op noas en mûle bruid,  
dat har it bloed op 't selde stuit  
gjalpich ta noas en mûl' útbriek.  
Hja joech har kjel oerein en stiek  
915 oer de bedsplanke har gesicht.  
En Elegast fernaam dat licht  
en kroep hiel sêft nei 't ledikant,  
wêrnei't er yn syn rjochter want  
't bloed fan de frou opfange koe,  
920 omdat er 't immen toane woe,  
\*dy't plan de foarst te witten die,  
sadat dy op syn iepenst wie.  
Elegast spriek in spreuk sa liep,  
wêrmei't er fuortynienen sliep  
925 oer Eggerik brocht en syn frou.  
Hy sei syn tsjoen yn fol betrou,  
dat elk fan beide hiel fêst sliepte.  
En doe stiel Elegast en skripte  
om Eggerik syn seal en swurd;  
930 dat woe er ha en acht' er grut.  
Doe avensearr' er en ferdwynd' er  
't slot út en haaste 'm nei syn hynder  
en nei de foarst, dy't skjin syn nocht hie  
fan al it guod, dat d' oar him brocht hie.  
935 Hie hy syn sin en wille dien,  
hy hie dêr dan net langer stien,

sa heftich wie de man fergrime.  
Hy frege 'm wêr't er sa lang klieme.

Syn maat sei: „'k Koe der wier net foar.  
940 By alles wat God skoep! ik doar  
te swarren: Sil myn hert net brekke  
no fan 't fertriet dêr't ik yn rekke,  
dan brekt teninter my it hert  
fan hertsear en fan leed en smert.  
945 Dêr bin ik siker fan, yndied.  
Myn herte hat sa'n grut fertriet.  
Sjoch, hjir is dat gereid, goemaat,  
dat 'k jo niis neamd ha yn myn praat.  
Sa moai, sa sierlik en sa skien  
950 is ûnder Goades troan gjinien.  
Nim 't oan, ik gean wer yn 'e baan:  
'k sil Eggerik de kop ôfslaan  
\*of him testekke mei in kniif,  
dêr't hy te sliepen leit by 't wiif.  
955 Dat lit ik net om al it goud,  
dat dizze hiele ierde jout.  
En dan kom ik werom mei hasten."  
Ynfieren smeke doe de foarst him,  
dat d' oar him sei, om hokker reden  
960 hy sa slim siet yn swierrichheden:  
„Binn' jo dan faaks net goed en sûn,  
en hawwe jo gjin tûzen pûn  
en dit gereid, dêr't jo om tingen?"  
„Och hear, it binn' hiel oare dingen,  
965 dy't my sa pynlik dear' yn 't hert,

dat ik fertar fan drôve smert:  
Ik ha ferlern myn wettich hear.  
Ik ha 't betrouwen hân alear,  
myn guod werom krije te kinnen  
970 en sa myn earmoed te oerwinnen;  
en 'k libb' yn goede hoop altyd.  
Eilaas!, no bin ik alles kwyt,  
omdat myn hear moarnier grif stjert.  
Ik kin jo sizze 't hoe en het:  
975 syn dea is Eggeriks beslút."  
Doe wiste Karel absolút,  
dat God te stellen him gebea  
om it ferhoedzjen fan syn dea.  
Hy joech fan tankbrens dimmen blyk  
980 oan God de Hear yn 't himelryk.  
De kening andre sûnder somjen:  
„Hoe tinke jo dan te ûntkommen,  
as jo him stekke mei in kniif,  
wylst hy op bêd leit by syn wiif?  
985 't Slot komt yn ûnstjoer en rint gear.  
Ha jo gelok en oars neat mear,  
dan ha jo fuort de keappriis helle  
en daliks mei de dea betelle.  
Moatt' jo jo stoart' yn noed en skea?  
990 Kom, stjert de foarst, dan is er dea.  
Wa soe dêroer noch prat' en stinne?  
Jo binne oer 't fertriet gau hinne."  
Dat sei er om in list te stiftsjen  
\*en dêrmei Elegast te hiftsjen.  
995 Dochs kaam der noch wat by, te witten:

hy hie sa graach dit plak ferlitten.

Hy wie it lange wachtsjen sêd.

En Elegast antwurde rêd:

„By al wat troch God skepen waard;  
1000 wienen jo net myn kammeraat,  
ik soe wiswier te nacht noch wrekke,  
dat jo mei sa'n ferachting sprekke  
oer kening Karel, stees myn hear,  
wa't rjochtlik takomt alle ear'.

1005 'k Swar by de Heare dy't my wrocht:  
myn talis wurdt ta útfier brocht,  
en 'k sil myn grime wierj' oan harren,  
dy't weagen kenings dea te swarren,  
ear't ik fan dizze fêsting skied,  
1010 oft dit ta goed of tsjoed my liedt."

„Hy is myn freon," hat Karel tocht,  
„Al ha 'k kwealk op syn freonskip rjocht.  
'k Sil 't betterje, ha 'k libbensdoer.  
Dan komt er al syn tsjinspoed oer."

1015 „Maat, 'k sil in bettere wei jo wize,  
hoe't jo him yn it net betize,  
dy Eggerik fan Eggermonde.

Ryd yn 'e moarntiid, fóár dy skande,  
fuort nei de foarst, oant jo him fine.

1020 Wol him fertelle en ûntwine  
dy moard en misdied, tel op til.

As hy jo wurden hearre sil,  
soenje jo 't dêrmei hielendal.

Jo lean wurdt net in lyts ferfal.

1025 \*Sûnder dat biisjagers jo ride,



kinn' j' altyd ride oan syn side,  
as wien' jim bruorren fan elkoarren,  
sa lang as God jo libben sparre."  
„Wat my ek bart," sei Elegast,  
1030 „ik sil net komme foar de foarst.  
De kening hat tsjin my sa'n wrok,  
omdat ik eartiids sa'n grut brok  
him fan syn skat ûntnaam, dat twa  
hynders koen' 't amper tôle ha.  
1035 Nee, ik kom net, as hy 't my sei,  
noch yn de nacht, noch by de dei.  
Dy muoite hat gjin nut of sin."  
„Sil ik jo sizze hoe't it kin?"  
kaam Karel, d' ealman, út 'e mûle.  
1040 „Gean dan op wei; ryd nei jo skûle,  
dêr't jo jo maten lieten, ta.  
Hear wat ik jo te sizzen ha:  
Jo nimme hjir ús búte wei mei  
oant yn de moarntyd fan de dei.  
1045 Dan diele wy 't mei fleur en nocht.  
En ik bring fan de saak 't berjocht  
fuort nei de kening, wêr 'k him wyt.  
As men him deasloech, hie ik spyt."  
Mei dizze wurden skaten hja.  
1050 Elegast nei syn maten ta,  
dy't hy yn 't skûlplak efterliet,  
en d' edle kening Karel ried  
nei 't slot te Ingelheim op wei.  
Hy hie yn 't herte gjin joechhei,  
1055 dat dat folk him ferdjerre woe,

dat neffens plicht him bystean soe,  
soe 't winlik neffens rjocht gean moatte.

Noch altyd iepen stie de poarte.

en al syn folk lei jit yn rêst.

1060 Hy bûn it hoars op 't stâlplak fêst,

wêrop er nei syn keamer teach,

ear't immen 't hearde of eat seach.

Hy hie syn wapenreau ôflein.

Doe stie de wachter rjocht oerein

1065 op hege trâns, en bloes de hoarn

en kundige de kleare moarn.

En mannich man die d' eagen iepen,

wa't God de Heare stjoerd hie 't sliepen,

doe't kening Karel stiel, nei 't smeken.

1070 Dat wie foar him in geunstich teken.

Doe stjoerde Karel resolút

ien fan syn keamerhearen út,

dat dy rôp syn geheime rie.

Hy sei har hoe't it mei him stie,

1075 dat hy sekuer en wierlik wist,

syn dea wie sward en fêst beslist

troch Eggerik fan Eggermonde.

Dy soe mei koarten yn 'e mande

mei alle macht fan 't lân him slaan

1080 en him sa'n grutte skande dwaan,

dat men him nei it libben stie.

De kening bea de rie om rie,

dat er behâlde mocht syn ear'

en bliuwe har rjochtmjittich hear.

1085 \*Hartoch fan Beieren sei dree:

„Lit har hjir komm' en fyn ús ree.  
't Sil mannichien de dea grif dwaan.  
Ik sil in goede rie jo jaan.  
Hjir binne kloften sterke mannen  
1090 út Frankryk en de Lege Lannen,  
gâns ridders en folk dat jo tsjinne,  
dy't mei jo yn dit lân komd binne.  
Hja moatte allegear har waapnje  
en kalm de hege seal yn traapje.  
1095 En sels, hear kening, moatte jo  
stean yn 'e kring yn 't wapenreau.  
Dy't jo dêr reitsje wol of deare,  
dy sille wy wol warr' en keare.  
't Bloed sil him rinne oant de spoaren,  
1100 en Eggerik fóár alle oaren."  
Dy rie gyng goed yn Karel del.  
Doe waapnen allegear har tel  
dyjingen dy't dit deugdsum dienen  
en dy't de wapendracht ferstienen,  
1105 ja, lyts en grut bewaapnen har.  
Hja duchten nammers swier ferwar:  
want Eggerik syn macht wie gâns,  
wylst alleman dy't krêft en blâns  
besiet bylâns de Ryn syn stripe,  
1110 him wêze koe ta help en stipe.  
De poarte krige sechstich man  
mei wapens en it harnas oan.  
Doe't Eggerik syn folk yn kloft sa  
oanriden kaam nei 't keningshof ta,  
1115 hat men de doar wiid iepenfierd,

sadat men ider trochgean liet.  
Mar doe't dit folk yn 't hof oankaam,  
doe waarden har de klean ûntnaam.  
Men fûn by harren op it liif  
1120 yn 't blanke harnas 't skerpe kniif.  
't Misdiedich moardplan waard ferklearre.  
Men naam har finzen allegearre,  
al neigeraden hja yngienen,  
oant allegearre fêstnomd wienen.

1125 Dêrnei kaam Eggerik oansetten,  
dy't hiel dit plan ta moard berette,  
en mei de lêste binde gie.  
Doe't Eggerik fan 't hoars stapt wie,  
en tocht dat hy de seal yngong,  
1130 sleat men de poart' op stel en sprong.  
Hy waard lyk d' oaren dêr betrape.  
Men murk, hy hie syn lea goed waapne,  
better as hokker oar dy deis.  
Men late him yn it paleis  
1135 lyk foar syn hege hear de foarst,  
dêr't er doe djip him skamje moast.  
De kening koe him gâns ferwite.  
De dieder woe der neat fan wite.  
Hy leagene de wandied sa:  
1140 „Hear kening, 'k woe jo wizer ha.  
As jo my ûnfertsjinn' ûntearen,  
'k leau dat jo mannich freon ferlearen.  
'k Wit wis, dat jo sa dryst nea wien';  
fan jo baronnen ek gjin ien,

1145 dy't tsjin my steande hâlde doarst,  
dat 'k jo ferdjerre woe, myn foarst.

Begeart hjir immen sok betiigjen,  
ik hjit it him mei 't swurd wol ligen  
en oars mei 't oerd wol fan myn spear.

1150 Kom no mar op mei dat begear!"

De kening hie dy wurden heard  
en waarde tige bliid yn 't hert,  
en stjoerde boade tel nei boade  
nei Elegast ta yn syn oarde,

1155 dêr't dy yn 't wâld syn tahâld hie,  
wylst hy syn geunst te witten die  
fan: elk misdwaan ferjoech de foarst.

As Elegast de kamp oandoarst  
en it tsjin Eggerik besike,

1160 wis, dat de foarst him dan ferrike.

De boaden gien' fuort fan de miet  
en dienen wat de foarst har hiet.

Hja binne fuortynienen rûn  
nei wêr't him Elegast befûn.

1165 Hiel it befel fan harren foarst  
brochten hja oer oan Elegast,  
dy't hiel bliid mei dy wurden wie.

\*Dat doe't er hearde dizze mie,  
doe liet er sûnder langer drôgjen

1170 it seal en 't hynstetúch fertôgje,  
dat hy oan Eggerik ûntrove.

Dêrta ûnthiet er en belove,  
dat er, as Karel 't frij jaan woe,

Eggeriks skande kundgje soe.  
1175 Hy swarde by syn leauwe 't hillge,  
as God yn ien bea him bewillge,  
dat er gjin oare geunst fersocht  
as dat er fjochtsje mocht 't gefjocht,  
de kampstriid foar syn rjochtlík hear,  
1180 en sa behâlde mocht syn ear'.  
De boaden gyngen hastich fierder.  
Doe't Elegast, dy dappre ridder,  
no ta de keningsseal yn stiek,  
(no kinn' jo hearre wat er spriek!)  
1185 doe sei er: „Hoedzje God dit bûn,  
de kening en elk dy 'k hjir fûn!  
't Is Eggerik dy 'k gjin groet bied.  
God, Dy't Him oan it krús slaan liet  
om ús, en Dy't ta gâns bekwaam is;  
1190 Maria ek, dy't Us Leaf Faam is,  
meie my toane dizze dei,  
dat men te galge hingje mei  
dy Eggerik fan Eggermonde.  
Mocht God ea sûnde dwaan of skande,  
1195 dan hat Er dêryn sûnde dien wis,  
dat Eggerik de galg' ûntgien is,  
om't dy myn hear syn dea beswarde,  
wat sûnder twang of needsaak barde."

Sa hie him Elegast útsprutsen.  
1200 \*Wel, Eggerik hie 't jerne wrutsen;  
lykwols, de macht dêrta ûntbriek:  
mannichien liet him yn 'e stiik.

No andere dêrop de foarst:

„Wolkom oan 't hof, hear Elegast!

1205 'k Beswar jo no by al dyjingen,  
dy't sûndeas God hulde bringe,  
dat jo it sizz' en bring my oan  
de misdied en 't moarddiedich plan  
fan Eggerik, dy't jo hjir fine.

1210 Om gjint moatt' jo hjiroan j' ûntwine,  
dat jo de wierheid sizze, oars neat.

Hoe hat dit stik him iepentearde?"

D' oar sei: „Hear, 'k doch 't jo graach te witten.

It past my net, dit nei te litten.

1215 Ik bin hjir wis fan dat it barde,  
dat Eggerik jo dea beswarde.

'k Hearde 't him sizzen op in nacht.

Hy joech syn wiif sa'n hurde slach,  
omdat hja lekje doarst 't beslút,

1220 dat 't bloed har ta de toskan út  
en ta de noas en mûl' útbriek.

Hja joech har kjel oerein en stiek  
oer de bedspanke har gesicht.

Ik wie dêr en fernaam 't allicht

1225 en kroep hiel sêft nei 't ledikant,  
wêrnei 't ik yn myn rjochterwant  
't bloed fan de frou opfange koe."

Dat toande hy de kening doe  
en allegearre, dy't graach seagen.

1230 „Doarst Eggerik 't en hyt dit leagen,  
'k lit him bekenne dizze died,  
eardat de sinne ûndergiet,

yn twakamp ienris en foargoed.

'k Stean mei myn libben dêrfoar noed!"

1235 Doe andre Eggerik, as narre:

„Dy skande sil my nimmer barre!

Ek is it nimmen nolk en leaf,

dat ik tsjin in ferballe tsjeaf

myn libben set yn 't aventoer.

1240 \*Hy kampslacht better mei in boer

as dat er him tsjin my ferwrot."

Doe andre Elegast him fuort:

„Bin ik gjin fjildhear lykas jó?

Al wie 'k in skoft ferballe no,

1245 al hat de foarst myn guod m' ûntmakke,

om't er op my fergrime rakke,

fan moardzjen en ferrie stie 'k fier.

'k Liet inkeld rike minsken swier

betelje, doe 'k har guod nomd ha.

1250 My twong earmoed en need dêrta.

Mar omdat jo in moardner binne,

sill' jo gjin kampstriid weegrje kinne

oan hokker man ek op 'e ierd,

dy't jo beskuldget fan dy died."

1255 De kening andre op dat driuwen:

„Jo ha gelyk, hear, by myn leauwen!

Soe 'k him behanlje neffens rjocht,

\*ik liet him slepe troch in knjocht

en 'k liet him hingje oan 'e hals."

1260 Doe waard it Eggerik wat mâls:

hy tochte yn syn herte nei,

no't sà it lân der hinne lei:



„Better bekampe as 't bestoarn."  
Yn 't hof wie net ien inkle man,  
1265 dy't sprekke doarste ta syn baat,  
sadat de kampstriid ôfpraat waard;  
men stelde koart nei trijen fêst.  
De foarst joech syn baronnen lêst,  
har mei de wapens út te rissen.  
1270 Hy woe fan dizze kamp neat misse.  
Hy hiet, de kampstriid ta te rieden  
en frege God om te beskieden  
oer dizze kamp en dit gefjocht  
neffens de reedlikheid en 't rjocht;  
1275 wêrnei't er Elegast bemoedge.  
Hy sei, betearde 't stik te'n goede,  
brocht Elegast 't der libben ou,  
hy soe 'm syn suster jaan ta frou,  
dy't wiif fan Eggerik earst wie,  
1280 dy't ta syn dea besletten hie.

Men spande op it fjild de koarden.  
Gâns waapne folk stie yn dy oarden,  
koart foar de jûnstsjinst yn 'e tsjerke.  
En Elegast kaam yn 'e perken  
1285 it earst, om't hy ta 't daagjen fierde.  
Hy stapt' yn 't gers del fan de miede  
en knibbl' en bea yn dimmenheid:  
\*„Almachtich God, goedgeunstich Heit,  
ik smEEK Jo om genede no  
1290 foar al wat ik misdie tsjin Jo.  
Wat ik oan wrâldske sûnd' ea die,

beliid ik, al wat ik begie.  
Genedich God, Almachtich ek,  
o doch op dizze dei gjin wreck  
1295 oan my oer al myn swarte sûnden.  
Wol om Jo hillige fiif wûnen,  
dy't Jo ûntfongen troch ús dwaan,  
my hjoed Jo help en bystân jaan,  
sadat ik net fal yn ferdjerren  
1300 en yn 'e striid net hoech te stjerren.  
As net de sûnden my oerwinne,  
sil 'k - leau 'k - hjir libben wei gean kinne.  
Folsleine God, yn trêften swiid,  
ik bid Jo: meitsje Jo my bliid;  
1305 en Jo, Maria, Us Leaf Frouwe,  
ik wol Jo tsjinj' yn rjochte trouwe.  
Ik sil tenei te ninter tyd  
strûkrôver wêze of bandyt  
yn wyldernissen en yn 't wâld,  
1310 as ik myn libben hjir behâld."  
En nei 't beëingjen fan syn bea  
begrúske hy syn hiele lea,  
begrúske mei de rjochter hân dêr  
yn prûs gebeart syn ridderpânsers,  
1315 en 't hynder fóar him op dat stede;  
en frege God om Syn genede,  
dat it him drage mocht mei eare,  
om út 'e striid werom te kearen.  
Fuort nei't er spriek dy wurden eal,  
1320 naam Elegast syn sit yn 't seal,  
en hinge 't skyld te lofter side.

Men soe in grutte striid no stride!  
Hy naam doe yn 'e hân syn spear.  
Eggerik kaam mei fûl begear,  
1325 goed wapene, de krite yn.  
Syn hert wie poer en fol fenyn.  
Mar Eggerik bekrúske 'm net  
en die ta God net ien gebed.  
Hy joech syn hynder fiks de spoaren  
1330 en ried ferheftich yn op d' oare;  
en op him yn ried Elegast,  
dy't Eggerik troch 't lear foar 't boarst  
fan it kuras geweldich houde,  
sadat er delfoel yn 'e moude  
1335 op d' ierde, fan it hoars omhegen.  
En Eggerik griep nei syn degen,  
't swurd dat er út 'e skie wei skaaide.  
Hy skreaude: „'k Deadzje jim no beide,  
Jo, Elegast, mar ek jo happe,  
1340 behalven as jo daliks stappe  
fan 't hynder ôf op moud' en seadde.  
Dan kin jo hoars it libben rêde.  
It is sa sterk en mânsk fan lea;  
it wie in griis, sloech ik it dea.  
1345 En mannichien hie 't grif fertret.  
Al rêde jo mûlk 't libben net,  
dan hâlde jo alteast jo hoars."  
En Elegast sei fuort en foars:  
„Wien' jo net ûnder fuotten rekke,  
1350 dan soe ik koart de striid ôfbrekke,  
mar 'k wol jo net slaan, wylst jo rinne,

Ik wol mei eare fan jo winne,  
ek as 't dan min mei my betearde.  
Ei kom, en sit no wer te pearde,  
1355 en lit ús fjochtsj' op ridderswize!  
Want leaver ha 'k dat men my prize,  
as dat 'k by ûngelok jo ûntholle,  
al soe ik yn 'e striid ek falle."

En kening Karel moast it grize,  
1360 dat Elegast sa lang omtize.  
Eggerik wie 't dy't net lang draalde,  
mar daliks nei syn hynder taalde.  
En Elegast hie dy wurden sein  
en siet wer yn it seal oerein.  
1365 Doe waard dêr hev' in swiere striid,  
\*dy't duorre lang nei fespertiid.  
En nimmer is it immen bard,  
dat hy sa'n fûle striid sjoen hat.  
Har slaggen wienen grousum njoer,  
1370 Har helmen flikkren lykas 't fjoer  
fan fonken, dy't dêrút bûtst waarden.  
Hja wienen beide legerhaden  
dy't dêr de kamp dien' yn 'e mande.  
Al barde Elegast de skande,  
1375 dat er destiids syn lân ferlear,  
hy wie no fjildhear as alear.  
Doe spriek de foarst fan 't Frankenryk:  
„God, sa wierhaftich as it blyk  
is fan Jo machtigens sa swiid,  
1380 sa meie Jo no dizze striid

bekoartsje en dit lang gefjocht  
neffens de reedlikheid en 't rjocht."

Wel, Elegast besiet in swurd,  
foar elke man yn need fan nut.

1385 't Wie syn gewicht wol wurdich, houd  
as 't wie fan fynmeald, glânzich goud,  
presint dat him de kening joech.

Dat heve Elegast en sloech  
dêrmei in slach sa fûl en sear, -

1390 't barde mei help fan God de Hear,  
en om it bidden fan de foarst  
dat dizze die foar Elegast -  
sadat er Eggerik teroppe,  
it measte fan syn holl' ôftoppe.

1395 Hy tommle út it seal del: dea.

De kening seach 't en sei in bea:

„Wierhaftich God, omheech yn 't ljocht,  
ik loovj' en priizje Jo mei rjocht,

Dy't my sa folle ear' bewize.

1400 Al wa't Jo tsjinje, binne wizen.

Fan Jo wurdt help en stipe brocht  
oan wa't by Jo genede socht."

No kriem ik koart mei dizze stoarje.

Men sleept' en hong Eggerik mei d' oare

1405 ferrieders op as straf foar 't kwea.

Dêr holp gjin lospriis ta of bea.

En Elegast wie wer yn eare,

en dêrfoar tank' er God de Heare.

De kening joech him Eggeriks frou.

1410 Hja libben lang tegearr' yn trou.

Bidde wy God, om al ús dingen,  
foardat wy stjerre, yn 't lyk te bringen!  
Dat mei ús gunn' ús Himmelheit!  
Dat elk dêrop no: Amen seit!

Noaten by Karel en Elegast

5 Ingelheim leit tusken Bingen en Mainz; it wie lykas Nijmegen, ien fan dy plakken dêr't Karel in paleis hie. (Kaiserpfalz).  
De Fryske plaknamme Ingelum=Ingele syn hiem (en net: gea fan de Angelen, de folksstam dy't de namme Ingelân oplevere hat).  
7 keizer en kening: neist Grut Frankysk kening (syn werklike macht) ek keizer fan it Rooms (=Romeins) Dútske ryk, das heilige römische Reich deutscher Nation'. Sjoch Dr. Oebele Vries, Het Heilige Roomse Rijk en de Friese Vrijheid, Hst.I.s.14 ff.  
53 alfsgedroch(te)=spoekfersking, nachtmerje. Alf is net in leaflike fee, mar in kweageast, in demon (ferl. Dútsk: Alptraum).  
61 f. noatich: dimmen, mak.  
62 skoatich: gol, ree te jaan.  
69 hear=hersker, keizer; frouwe is dus keizerinne, gebiedster.  
70 f. oant de Donau, dus oant yn Eastenryk. De wylde see=de Noardsee.  
73 Galisië leit yn it uterste NW fan Spanje.  
75 de heidens binne de net-Kristenen; de Moaren, Arabieren; Moslims dus.

108 rêsting is wapenrissing.

171 ff. de Soan fan God is Kristus, Dy't de twadde Adam neamd wurdt. fl. 1 Kor.15:22 beskôge as Heit fan de ferlostes minsken, dy't troch Kristus bern fan God wurde kinne. Joh.1:12.

182 f. Sjoch Joh.11:43, 44.

186 Dat wûnder stiet net yn de Bibel. Al, dat de duvel Jezus noege om dy wûnderdied te dwaan, sjoch Matthéus 4:3 en 4.

187 Sjoch it Evangeelje fan Johannes, hst.2.

219 de edele man wurdt ferballe en ta gast=frjemdling. It etymologysk besibbe wurd yn it Latyn is: hostis=steatsfijân.

Elegast is sa út need roofridder wurden.

239 bringt it liestelsel yn 't sin, it feodalisme fan de Midsieuwen.

246 nea stelt er fan in earne man: ferl. Robin Hood yn Ingelân.

281 f. halsberg=maliënkolder, pânser, (himd)wapenrok: in lang kleed oer it pânser.

375 as ik it net bekend meitsje wol.

381 blazoen: de kening syn fjildteken op it wapenskyld.

414 ich=igge=râne (ferl. Ingelsk: edge) foaral fan spear of swurdpunt.

452 Dy't my wrocht: Dy't my makke, skepen hat.

524 ferl. Age M. de masterkreaker.

569 de kening jout de falske namme op Adelbrecht=edel en skitterjend (ferl. Ingelsk: bright).

652 f. Egge=igge (skerpe kant fan it) swurd; ferl. noat by 414.

Eggerik=mei it swurd machtich. Eggerik blykt in sweager fan de kening te wêzen.

683 koeter: ploegemes. (ferl. Latyn: culter=mes) krekt wat foar sa'n knoffelige ynbrekker.

772 yn har Latyn: frjemde, ûnbegryplike taal (ek yn 782).

877 dy't in krús oer him sloech om de kweageasten (879) te

ferdriuwen.

879 oft meiskien in kweageast, demon (alven!) him op 'e doele brocht; ferl 53.

921 as balling koe Elegast sels net gean.

953 kniif is in lang mes, knyft of dolk.

994 hiftsjen=hifkjen.

1025 biisjagers: wapene ruters as in soarte fan beriden plysjes.

1085 Hartoch fan Beieren=Naismes de Bavières, yn it Frânske epos de riedsjouwer fan kening Karel.

1168 mie=mare: berjocht.

1200 Eggerik hie it leafst daliks ôfstraffe wollen.

1240 Eggerik beskôget Elegast as in boerehufter, mei wa't in ridder net fjochtet.

1258 in knjocht moat hjir in kriichsfeint wêze, in soldaat.

1288 f. Elegast syn gebed: 1288-92 foar God de Heit bekennt Elegast syn skuld; 1292-1302 God, de fernedere Soan, freget Elegast om help; 1303-1304 God de folsleine Geast, mei Elegast ferbliidzje; 1305-1310 oan Maria ûnthjit Elegast betterskip.

1366 fespertiid: it duorre noch nei seizen.